



## Moasje GEMEENTERIE FRJENTSJERTERADIEL

Datum	25-06-2015
steller	FNP fraksje
ûnderwerp	FUMO

De rie fan de gemeente Frjentsjerteradiel yn gearkomst byelkoar op 25 juny 2015 foar de behandeling fan de Berap

Oerweagenjende dat

- Sjoen de ferskillen tusken de ôfdracht fan ús gemeente oan de FUMO en it ûntbrekken fan prestaasjes dy't der tsjinoer steane
- Sjoen it feit dat de wethâlder dit in 'weeffout' yn de rigeljouwing fan de GR neamt
- Yn acht nommen dat der sa gjin prikkel is foar de FUMO om oan syn ferplichtings te foldwaan
- Troch it net leverjen fan tasicht de kans op herkontrôles en dermei taname fan de kosten in stik grutter wurdt

Draagt it kolleezje op:

Om him ta it úterste yn te spannen, de rigeljouwing oangeande de betelling fan de FUMO sadanich oan te passen dat der ôfreckene wurdt op prestaasje. En yn gearwurking mei de oare gemeenten, de provinsje Fryslân en it Wetterskip Fryslân, de GR hjir op oan te passen...

Dizze moasje oan de oare dielnimmers fan de GR oan te bieden.

En giet oer ta de oarder fan de dei...

Ut namme fan FNP Frjentsjerteradiel,

Gea Iedema-Zondervan